

US WURK LXVI (2017)

[1381]

Wat is dêr yn?

Wêze as posysjoneel tiidwurd yn gefallen fan FÊST KONTAKT yn it (âldere) Frysk

Jarich Hoekstra

Summary

Frisian makes extensive use of the posture verbs stean ‘to stand’, lizze ‘to ly’ and sitte ‘to sit’ in order to indicate the position of inanimate objects. As in Dutch, the verb sitte is used in all cases of TIGHT FIT between Figure and Ground in present-day Frisian. In older Frisian (19th c. and earlier), however, the unmarked copula wêze ‘to be’ was still in use in certain cases of TIGHT FIT (alongside sitte). In this article, the use of wêze as a positional verb vis-à-vis sitte in older Frisian is described in some detail. It is shown that, as far as the distribution of positional verbs is concerned, older Frisian was rather close to present-day German. The article provides a tentative account of this distribution.

1. Yn ‘t foar

Besjuch it neikommende fragmint út in folksferhaal oer Sterke Hearke (dêr’t twa keardels him berôvje wolle):¹

- (1) “Hwat **is** dêr yn dy ponge?” fregen se. “Dêr ha ’k jild yn”, sei Hearke bidaerd. [*Korpus Jaarsma*, ferslach 919, ferhaal 12, 10 septimber 1972: Johannes Kootstra, De Harkema]

Ynpleats fan *Wat is dêr yn dy ponge?* yn ‘e earste sin soene de measte Fryskpraters hjoeddedei grif sizze *Wat **sit** dêr yn dy ponge?* En jawier, yn in ferlykber fragmint út in oar ferhaal oer Sterke Hearke (der binne al wer twa keardels dy’t him oanpakke wolle) fynt men *sitte* ynpleats fan *wêze*:

- (2) Dy seinen tsjin Hearke: “Hwat **sit** dêr yn?” “Gounen en ryksdaelders”, sei Hearke. [*Korpus Jaarsma*, ferslach 990, ferhaal 1, 19 maart 1973: Simon Sytsema, Jistrum]

1. Foar kommintaar op in kladde fan dit artikel betankje ik Eric Hoekstra.

Us Wurk, jiergong 66 (2017), s. 1-26

US WURK LXVI (2017)

Wa't âldere (benammen 19de-iuwske en eardere) Fryske literatuer lêzen hat, sil it opfallen wêze dat dêre ynpleats fan hjoeddeisk *sitte* wol gauris it algemiene keppeltiidwurd *wêze* brûkt wurdt om de posysje fan deade dingen en dea guod oan te tsjuten. In ferlykber gefal as yn (1) hat men bygelyks yn (3):²

- (3) “Hwet is in dá sek, der?” frege er da swager, end halde him de blanke sabel oer den cop. [*Id.* 132 (1850)]

Ferlykje foar it posysjonele gebrûk fan *wêze* yn âlder Frysk fierders it neikommende priuwke út ‘De Fryske Thyl Ûlespegel’ fan Waling Dykstra:

- (4) a. Wy dêr yn oan ‘t strunen en hwet founen wy dêr? - In flesse mei jenever, dêr’t yet aerdich hwet yn **wier**. [W. Dykstra, *ûlespegel* 23 (1908⁴)]
b. Yn dy sydmûrre **wier** mar ien foech finster. [ibid. 93]
c. Dy binnendoar dêr **wier** in wide skreef yn. [ibid. 20]

Yn it sitaat yn (1) oppenearret him moolk in lette útrinder fan dat gebrûk.³

Dat ik wit is yn ‘e Fryske grammatika’s en yn oare taalkundige literatuer nea op it brûken fan *wêze* as posysjoneel tiidwurd ynstee fan it hjoeddeiske *sitte* wiisd en de taalferoaring dy’t dêr syn beslach krige hat, it neigeraden ferkringen fan *wêze* troch *sitte* yn ‘e oanbelangjende konteksten, is fan taalkundigen (en taalwarders) sa’t it liket net ergere.⁴ Doel fan dit artikel is it om it ferskynsel op it aljemint te bringen en der in earste beskriuwing fan te jaan.

Yn paragraaf 2 fetsje ik earst koart gear hoe’t de posysje fan deade dingen en dea guod yn it Frysk (en oare Germaanske talen) yn it ginneraal mei tiidwurden oantsjut wurdt. Dêrnei jou ik yn paragraaf 3 oant en mei 5 in oersjuch fan it gebrûk fan *wêze* as posysjoneel tiidwurd yn it (âldere) Frysk. Yn paragraaf 6 besprek ik it njonkeninoar foarkommen fan *wêze* en *sitte* en it ferkringen fan *wêze* troch *sitte*. Der sil sjen litten wurde dat *wêze* net yn alle gefallen brûkt wurde koe dêr’t *sitte* hjoeddedei yn foarkomme kin. Paragraaf 7 jout in koarte konklúzje, mar benammen ek in soad fragen foar takomstich ûndersyk.

2. De boarnen wurde hjir en tenei neffens it mal fan it WFT oantsjut.

3. Faaks wie de net seldene fraach *Wat is dêr yn?* ta in min ofte mear fêste formule wurden en koe er him dêrom navenant lang hanthavenje. Oer *wêze* yn fêste idiomatyske ferbingingen, sjuch par. 5.

4. Ik tankje Eric Hoekstra lykwols foar in stikmannich foarbylden út it Midfrysk, dy’t syn tûk each net ûntkommen wiene.

US WURK LXVI (2017)

2. *De Basic Locative Construction yn it Frysk en oare Germaanske talen*

Talen kinne inoar frijwat ûntrinne, at it giet om de tiidwurden dy't se brûke yn 'e saneamde *Basic Locative Construction*, de konstruksje dy't as andert tsjinnet op fragen lykas 'Wêr is X?' (ferl. Ameka & Levinson 2007, Viberg 2013). Wylst yn it Ingelsk yn 'e *Basic Locative Construction* bygelyks yn 'e regel it algemiene keppeltiidwurd 'wêze' brûkt wurdt, oppenearje har yn 'e oare Germaanske talen ta in hichte ek tiidwurden fan lichemshâlding om de posysje fan deade dingen en dea guod oan te tsjuten. Dêrby giet it om 'e primêre tiidwurden fan lichemshâlding 'stean', 'lizze' en 'sitte' (Newman 2002).⁵ Ferlykje de neikommende Fryske foarbylden fan 'e *Basic Locative Construction* mei har Ingelske wjergaders.⁶

- | | | |
|--|---|-------------------------------------|
| (5) De flesse stiet op 'e taap. | - | The bottle is on the bar. |
| De bal leit ûnder de tafel. | - | The ball is under the table. |
| De molke sit yn 'e kanne. | - | The milk is in the jug. |
| It ear sit oan it kopke. | - | The ear is on the cup. |

As tiidwurd fan minsklike lichemshâlding tsjut 'stean' ynearsten de aktive, fertikale hâlding op 'e fuotten oan'⁷ en 'lizze' de passive, horizontale hâlding op rêch, liif of side. 'Sitte' is sa't it liket posysjoneel neutraal (Lemmens

5. Der is noch in fjirde tiidwurd fan lichemshâlding, dat in wat marzinalere rolle spilet, te witten 'hingje'. 'Hingje' wurdt ornaris brûkt, at it ilemint dat lokalisearre wurdt gjin stipe fan ûnderen kriget:

- (i) a. De wask **hinget** oan 'e line.
- b. De lampe **hinget** boppe de tafel.

Ik lit 'hingje' yn dit artikel fierders gewurde.

6. Njonken de *Basic Locative Construction* besteane der in stikmannich oare konstruksjes dêr't de tiidwurden fan lichemshâlding yn brûkt wurde kinne om plak oan te tsjuten, bygelyks in *Basic Locative Construction* mei in foaropsette plakoantsjutting (ferl. (i)) of in eksistinsjele konstruksje mei ekspletyf *der* (ferl. (ii))

- (i) Op 'e taap **stiet** de/in flesse.
- (ii) Der **stiet** in flesse op 'e taap.

Yn beide konstruksjes is de plakoantsjutting, oars as yn 'e Basic Locative Construction, it topic. Yn 'e twadde konstruksje is it ûnderwerp ûnbeskaat. In pear oare konstruksjes dêr't de tiidwurden fan lichemshâlding har yn oppenearje kinne, komme noch op it aljemint yn paragraaf 4. At de plakoantsjutting 'unferfrijemdbesit' is (lichemsvielen, kleun, sieraden), kin it natuerliker wêze om in persoanlike possessive konstruksje te brûken, bygelyks *Hja hat de kaai yn 'e bûse ((te) sitten)* ynstee fan *De kaai sit (by har) yn 'e bûse*.

7. Of op 'e hannen, at ien op 'e kop 'stiet'. In breakdancer kin op ien hân 'stean', sels at er it lichem dêrby min ofte mear horizontaal hâldt.

US WURK LXVI (2017)

2002, 105; van Oosten 1984, 144), it tsjut alle hâldingen tusken ‘steane’ en ‘lizze’ oan: Minsken sitte op it gat, yn ‘e hoksen, op knibbels of op hannen-en-fuotten. De minsklike lichemshâldingen wurde foar in part oerdroegen op bisten – in hûn kin bygelyks steane, lizze of sitte –, mar lytsere bisten dy’t in min ofte mear ‘hûkearzige’ hâlding hawwe, lykas mosken, mûzen, kikkerts en stienkrobber, kinne allinnich mar sitte (at se lizze, binne se dea).⁸


By de útwreiding fan it gebrûk fan ‘e tiidwurden fan lichemshâlding nei deade dingen en dea guod, spylje de aksiale eigenskippen (de asrjuchting) fan it ilemint dat lokalisearre wurdt, de Figure, foar in part ek wer in rolle. Yn it gefal fan ‘steane’ en ‘lizze’ moat dêrby njonken de fertikale of horizontale oriïntaasje it al of net hawwen fan in ‘funksjonele basis’ beachte wurde, in kant dêr’t in ding trochstrings op rêst, ferlykber mei fuotten by in minske en poaten by in bist (van den Hoek 1971, Lemmens 2002). By ‘sitte’ giet it net sa lyk om eigenskippen fan ‘e Figure, mar stiet de relaasje tusken ‘e Figure en de Ground (it ilemint dêr’t de Figure neffens lokalisearre wurdt) sintraal. Wylst by ‘steane’ en ‘lizze’ Figure en Ground inkeld yn los kontakt binne (bgl. fesse-op-taap) of hielendal gjin kontakt hawwe (bgl. bal-ûnder-tafel),⁹ is der by ‘sitte’ altyd FÊST KONTAKT (TIGHT FIT) tusken Figure en Ground.¹⁰ De Figure kin bygelyks fêst besletten wêze yn ‘e Ground (molke-yn-kanne) of oan ‘e Ground befestige (ear-oan-kopke).¹¹ Lemmens (2002) praat by Hollânsk *zitten* oer CONTAINMENT-*zitten* en CONTACT-*zitten*.

It hjoeddeiske Frysk slút him wat it brûken fan ‘steane’, ‘lizze’ en ‘sitte’ om de posysje fan deade dingen en dea guod oan te tsjuten oangiet omtrint alhiel by it Hollânsk oan. It neikommende streamdiagram jout út ‘en rûgen oan, wêr’t de kar fan dy tiidwurden troch beskaat wurdt (ferl. foar it Hollânsk van den Hoek 1971, van den Toorn 1972, van Oosten 1984, Lemmens

-
8. Fjouwerpoatige dieren lykas mûzen en kikkerts kinne lykwols op ‘e efterste poaten steane.
 9. Yn it earste oankommen liket it der faaks op as soe der bygelyks yn *De beam stiet yn ‘e tún* fêst kontakt tusken Figure en Ground wêze. De sin betsjut lykwols dat de beam ‘los besletten’ is yn ‘e tún, net dat er yn ‘e tún fêstsit of ‘stiket’. Oer LOS BESLOT sjuch ek fuotnoat 15.
 10. Mei lytse kapitalen wurde topologyske relaasjes oantsjut. Ynhoefer’t (al) sokke relaasjes grammatikaal rillevante konsepten útmeitsje en oft se moolk ek ta abstraktere topologyske skaaimerken reducearre wurde kinne, moat empirysk ûndersyk útwize.
 11. Ferl. Van Staden, Bowerman & Verhelst (2006, 499) oangeande Hollânsk *zitten*: "The distribution of *zitten* is governed by the relation between the figure and the ground, which must be one of ‘attachment’ or ‘single unit organization’, in a broad sense, including ‘negative space’, ‘containment’ and ‘functional attachment’."

US WURK LXVI (2017)

2002, van Staden, Bowerman & Verhelst 2006 en foar it Frysk Berthele et al. 2015):



Ik gean de inkelde stappen yn it diagram koart bylâns: By FÊST KONTAKT tusken Figure (F) en Ground (G) wurdt altyd *sitte* brûkt:

- | | |
|---|---|
| <p>(7) De molke sit yn ‘e kanne.
It ear sit oan it kopke.

De barst sit yn ‘e faas.</p> | <p>(F is fêst besletten yn G, FÊST BESLOT)
(F is in part fan G, FUNKSJONELE BEFESTIGING)
(F is ‘skea’ oan G, NEGATIVE ROMTE)</p> |
| <p>De postsegel sit op ‘e slúf.
De spiker sit yn ‘e muorre.
De kniper sit oan it boesgroentsje.
De magneet sit oan ‘e doar.
De pylk sit troch de apel hinne.</p> | <p>(F klibbet oan G, KLIBJEN)
(F stiket yn G, STYKJEN)
(F klammet oan G, KLAMJEN)
(F heftet oan G, HEFTSJEN)
(F trochboarret G, TROCHBOARJEN)</p> |
| <p>It tou sit oan ‘e beam.
It papier sit om it presintsje.
De ring sit oan ‘e finger.</p> | <p>(F is oan G fêstbûn, BINEN)
(F is om G wuolle, WUOLJEN)
(G is libben, LIBBENE GROUND)</p> |

Der binne, lykas de foarbylden yn (7) sjen litte, gâns soarten fan FÊST KONTAKT. Benammen de earste trije dêrfan (FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE) sille hjirûnder noch weidweidich tepraat komme, om’t se by it gebrûk fan *wêze* yn it (âldere) Frysk in rolle spylje.

US WURK LXVI (2017)

Is der gjin FÊST KONTAKT, dan is de fraach oft de Figure in ‘funksjonele basis’ hat. In ‘funksjonele basis’ makket dat de oriïntaasje fan ‘e Figure as fertikaal opfette wurdt, sels al is er navenant plat, d.w.s. minder heech as breed (Serra Borneto 1996, 463, Lemmens 2002, 119-120). Sadwaande wurdt yn dat gefal *stean* keazen:¹²

- (8) It treeftke **stiet** op ‘e tafel.
It jiskepantsje **stiet** yn ‘t finsterbank.
De appeltaart **stiet** op it oanrjucht.

Hat de Figure gjin ‘funksjonele basis’, dan moat fêststeld wurde oft er langwizich is. Is dat net it gefal, om’t er bygelyks bol, kubusfoarmich of prottich (net foarmfêst) is, dan wurdt *lizze* foar kar nommen:

- (9) De knikkert **leit** op ‘e grûn.
De dobbelstien **leit** op ‘e tafel.
De wiete krous **leit** op ‘e flier.
De snie **leit** op ‘e dyk.

Is de Figure langwizich, d.w.s. hat er in dúdlike asrjuchting, dan beskaat de horizontale of fertikale oriïntaasje fan ‘e as oft *stean* of *lizze* brûkt wurdt:

- (10) De latte **leit** yn ‘e tún. - De latte **stiet** tsjin it sket.
It boek **leit** op ‘e tafel. - It boek **stiet** yn ‘e kast.

At in itenspanne net op syn ‘funksjonele basis’ rêst, dan beskaat de horizontale of fertikale oriïntaasje oft er leit of stiet (ferl. Lemmens 2002, 121):

- (11) De panne **stiet** op ‘e tafel. (op syn ‘funksjonele basis’)
De panne **leit** op ‘e tafel. (ûnderstboppest)
De panne **stiet** yn ‘e ôfwaskmasine. (op ‘e smelle kant)

Njonken de tiidwurden fan lichemshâlding kin it algemiene keppeltiidwurd *wêze* brûkt wurde om de posysje fan deade dingen en dea guod oan te tsjuten, bygelyks at de romtlike konfiguraasje net bekend is. *Wêr is de skeppe?* is in algemiene fraach nei it plak fan ‘e skeppe en at men net wit yn hokfoar romtlike konfiguraasje oft dy him befynt of der gjin ferlet fan hat om dat mei safolle wurden te sizzen, dan kin it andert *wêze*: *De skeppe is yn ‘t hok*. Is de konfiguraasje bekend, dan kin men ek sizze: *De skeppe stiet/*

12. De fraach nei de ‘funksjonele basis’ yn it skema yn (6) kin dêrmei nei alle gedachten by einsluten beflapt wurde ûnder de fraach nei de fertikaliteit fan ‘e as, mar foar de oersichtlikheid haw ik him apart opnommen.

US WURK LXVI (2017)

leit/hinget yn 't hok. Teoretysk is 'wêze' altyd mooglik. *It boek is op 'e tafel* is net ûngrammatikaal, mar at de romtlike konfiguraasje sichtber/bekend is, is it natuerliker en sis: *It boek leit op 'e tafel*.

Talen kinne inoar net allinnich ûntrinne, at it giet om 'e tiidwurden dy't se yn 'e *Basic Locative Construction* brûke, mar ek wat de konteksten oanbelanget dêr't se de *Basic Locative Construction* yn brûke. Levinson & Wilkins (2006, 516) stelle op grûn fan ferlykjend ûndersyk nei in grut tal talen de neikommende ymplikasjonele hierargy út, dy't út 'en rûgen oantsjut, hoe wierskynlik oft it by hokker romtlike konfiguraasje is dat in taal de *Basic Locative Construction* (BLC) tepasbringt of útwykt nei alternative konstruksjes (bgl. de persoanlike possessive konstruksje of de statyske resultative konstruksje):

(12) *Basic Locative Construction Hierarchy*

1. F is impaled by G BLC ûnwierskynlik
2. F is stuck to G
3. F is 'damage' or negative space (e.g. crack, hole)
4. F is part of whole (part of G)
5. F is adornment or clothing
6. F is inanimate, movable entity in contiguity with G BLC wierskynlik

Sûnder hjir wiidweidich op dy hierargy yn te gean (ik kom der yn paragraaf 4 noch koart op werom),¹³ is it dúdlik dat de Fryske *Basic Locative Construction* de hiele skala yn (12) ôfdekt (ferl. Van Staden, Bowerman & Verhelst (2006, 486-487) foar it Hollânsk): *sitte* oppenearret him yn 'e konfiguraasjes 1 oant en mei 5, dêr't Figure en Ground FÊST KONTAKT hawwe, *stean* en *lizze* komme yn 'e ûnmarkearre konfiguraasje 6 foar, dêr't tusken Figure en Ground inkeld los of gjin kontakt bestiet.

It Frysk en Hollânsk, mar ek it Deensk (Hansen 1974), ûnderskiede har fan it Dútsk troch in rynsk gebrûk fan 'sitte' yn 'e *Basic Locative Construction*. It Dútsk hat ynstee fan 'sitte' meast 'wêze' of in stikmannich oare posysjonele tiidwurden lykas *stecken*, *kleben*, *klemmen* en *haften*, en yn guon gefallen moat it útwike nei in 'Zustandspassiv', in statyske resultative

13. De hierargy ropt gâns fragen op. It is net dúdlik wêr't FÊST BESLOT bygelyks ûnderbrocht wurde moat en by skift 6 kin men jin ôffreegje oft beweechlikens fan 'e Figure wol sa rillevant is (ferl. *De beam stiet yn 'e tún*). De posysje fan skift 5 (sieraden en kleen) is ûnwis (ferl. Levinson & Wilkins 2006, 515); skift 5, gefallen dêr't de Ground libben is (in minske of in minsklik lichemsdiel) komt moolk hielendal boppe-oan yn 'e hierargy.

US WURK LXVI (2017)

konstruksje (Kutscher & Schultze-Berndt 2007, Oosting 2016).¹⁴ Ferlykje de Fryske foarbylden yn (7), dy't hjir efterhelle wurde, mei har Dútske wjergaders:

- (13) De molke **sit** yn 'e flesse. - Die Milch **ist** in der Kanne.
It ear **sit** oan it kopke. - Das Ohr **ist** an der Tasse.
De barst **sit** yn 'e faas. - Der Sprung **ist** in der Vase.
- De postsegel **sit** op 'e slúf. - Die Briefmarke **klebt** auf dem Umschlag.
De spiker **sit** yn 'e muorre. - Der Nagel **steckt** in der Wand.
De kniper **sit** oan it boesgroentsje. - Der Wäscheklammer **klemmt** am Hemd.
- De magneet **sit** oan 'e doar. - Der Magnet **haftet** an der Tür.
De pylk **sit** troch de apel hinne. - Der Pfeil **steckt** durch den Apfel.
- It tou **sit** oan 'e tûke. - Das Seil **ist** am Ast **festgebunden**.
It papier **sit** om it presintsje. - Das Papier **ist** um das Geschenk **gewickelt**.
- De ring **sit** oan 'e finger. - Der Ring **steckt** am Finger.

It falt fuortendaliks op dat yn it Dútsk *sein* brûkt wurdt yn gefallen fan FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE.

Der binne oanwizingen dat it algemiene brûken fan *sitte* by FÊST KON-TAKT yn it Frysk yn beskate konteksten navenant jong is. Yn âlder (benammen 19de-iuwsk en earder) Frysk fynt men ynstee fan it hjoeddeiske *sitte* wol gauris *wêze* en, sa't bliken dwaan sil, yn fierhinne deselde gefallen as yn it Dútsk. Yn 'e neikommende trije paragrafen sil in oersjuch fan dat gebrûk fan *wêze* jûn wurde.

14. *Sitzen* mist der nammers net alhiel yn it Dútsk. Hoewol't *sitzen* gewoanwei net by gatten (NEGATIVE ROMTE) brûkt wurde kin, is dat al mooglik at dy gatten mei sin oanbrocht binne as part fan in konstruksje:

- (i) Im Dach **waren**/***saßen** Löcher.
(ii) An den vier Ecken **waren**/**saßen** Löcher.

Foar de lokalisearring fan lichemsdielen en ûnderdielen fan apparaten wurdt yn it Dútsk ek *sitzen* brûkt:

- (iii) Das Herz **sitzt** links.
(iv) Das Mikrofon **sitzt** beim Mac neben der Kamera am oberen Bildschirmrand.

US WURK LXVI (2017)

3. Wêze yn gefallen fan FÊST KONTAKT yn it âldere Frysk

Yn 'e foarige paragraaf is fêststeld dat *sitte* brûkt wurdt yn gefallen fan FÊST KONTAKT. Yn guon gefallen fan FÊST KONTAKT fynt men yn âlder Frysk lykwols ek *wêze*, nammentlik by FÊST BESLOT (3.1.), FUNKSJONELE BEFESTIGING (3.2.) en NEGATIVE ROMTE (3.3.).

3.1. FÊST BESLOT (TIGHT CONTAINMENT)

Yn gefallen dat de Figure fêst besletten is yn 'e Ground (FÊST BESLOT) oppe-
nearret him yn âlder Frysk gauris *wêze*, dêr't hjoeddedei ornaris *sitte* brûkt
wurde soe.¹⁵ Yn 'e ynliding is dat al sjen litten oan 'e hân fan 'e fraach
'Wat is dêr yn?'. Hjir binne noch in pear farianten dêrfan:

- (14) a. Onderweis mette er it selde âld wyfke, dat syn broer sa to-fiter
hawn hie as straffe for syn bekestalligens en frege him ek hwat er yn
dy koer **wier**. "Ikels ! âlde," sei er, "ikels oars nin byt." [S.K. Feit-
sma, *Fr.V.Alm.* 144 (1894)]
- b. Jiffrou naem de koer oan in sei: "Wol dîkers, Domeny! hwet dear
wol in **wêse** mei? Hwet is dy koer swier!" [J. Schoelier, *boffert* 6
(1896)]

15. Njonken FÊST BESLOT soe men ek LOS BESLOT oannimme kinne. Yn it gefal fan LOS
BESLOT is lykwols allinnich de asrjuchting fan 'e Figure rillevant en wurdt *stean* of
lizze brûkt:

- (i) a. De paraplú **stiet** yn 'e molkkanne.
b. De skjirre **leit** yn 't laad.

Ferlykje it kontrast yn (ii):

- (ii) a. De appeltaart **stiet** yn 'e ûne. (LOS BESLOT)
b. De appeltaart **sit** yn 'e ûne. (FÊST BESLOT)

Yn (iia) wurdt oantsjut dat de appeltaart op syn funksjonele basis rêst, min ofte mear
tafallich yn in ûne. Yn (iib) is de ûne direkt rillevant foar de appeltaart; de appeltaart
kin der bygelyks yn bakt wurde. By LOS BESLOT stiet de oriïntaasje fan 'e Figure sin-
traal, by FÊST BESLOT de relaasje tusken Figure en Ground. Ferlykje Van Staden,
Bowerman & Verhelst (2006, 498) oangeande Hollânsk *zitten*: "As soon as the fact
that figure and ground are joined becomes more salient than aspects of the figure
alone, or when they are treated in relation to each other, this is reflected in the use of
zitten." It hat dêrom eigenskip dat los kontakt (dêr't men LOS BESLOT ûnder beflappe
kin) feitliks itselde is as gjin kontakt en gjin spesjale grammatikale status hat, en dat
inkeld FÊST KONTAKT it (privative) skaaimerk [kontakt] hat (ferl. foar de ûngelikense
ferhâlding tusken 'TIGHT FIT' en 'LOOSE FIT' ek Norbury, Waxman & Song 2008).

US WURK LXVI (2017)

Ferlykje fierders de foarbylden yn (15), dêr't it giet om iten en drinken en oare substânsjes en floeistoffen yn 'befetters':

- (15) a. End den yet en baelsek, dy 'r by him heth, / Der **is** marsepîn / End sûkergûd in. [C. Wielsma, *Id.* 154 (1869)]
b. Mar do't de sekken op 't kantoar woegen wirde scoene, blykte 't dat er oars neat yn **wier** as simmels. [*Fr. Hsfrj.* 244 (1901)]
c. Dat pantsje rekke stikken, 't bîtsje moster, dat er yet in **wier**, oer de flier. [H. Sytstra, *teltsjes* 84 (1867)]
d. It bîtsje brandewîn dat er yet in de flesse **wier** sûpte master mar gau op. [W. Dykstra, *teikeningen* 24 (1854)]
e. Dos Jetske wiste wol, dat it forgif wier, dat dêr yn dy flêsse **wier**. [T. Velstra, *kroantsje* 44 (1881)]
f. Hja founen him op in moarn dea en in leech fleske, dêr't morphine yn **wêst** hie, njunken him. [T.G. v.d. Meulen, *âld* 577 (a. 1906)].
g. Hy die it boske iepen en naem in lîts bîtsje op sîn finger fen 't goed [t.w. salve] dat er in **wier**. [*Fr. Hsfrj.* 76 (1865)]
h. En do Freark skriemende in de keamer setten kaem, stie de alde, mei in waskkom der gjin wetter in **wier**, foar mefrou. [W. Dykstra, *stikken* 184 (1870)]
i. JAPIK (naem) nû én swewelprikke end stiek dermei det lampke oan, der lokkich noch én bytsje oalje yn **wier**. [*Id.* 70-71 (1846)]

It neikommende Midfryske foarbyld heart dêr faaks ek by:

- (16) Jaan uws dan ien glêske wyn / Uwt jens kelder der **is** yn.
[1755R-I-26 – Op it zelle [sulveren brulloft] JAPIK TIBOEL en GÆRTIE PÔTHÔF]

Wyn sit typysk (yn fetten of flessen) yn kelders.

Wêze foar hjoeddeisk *sitte* komt fierders gauris foar at it giet om yngrediïnten fan ytbere waren:

- (17) a. Ick ljæuw net dat dy Maarge dir Kniel/ Pijper/ Ginber/ Mus-ketten/ Hunigh in oor goed yn **is**/ better smeytse ken as disse. [1712I - *Waatze Gribberts bruyloft*, 34]
b. Der wier sa'n ôfwe[r]zige¹⁶ smaek oan, men koene prjuwe dat der rum yn **wier**. [W. Dykstra, *Fr. Vbl.*, nr. 155, 1 (1879)]

16. Yn 'e tekst stiet *ôfwezich*, dat it WFT (dl. 15) net ûnder *ôfwerzich*, mar ûnder *ôfwêzich* opnommen hat mei de spoekbetsjutting 'ongebruikelijk, niet de normale eigenschappen hebbend'.

US WURK LXVI (2017)

- c. Né, it krûd itenbrek **is** der net yn, en sûnder dat smakket sa'n pastei noait echt goed. [W. Dykstra, *Bijek*. 62 (1883)]
- d. Den blieut er wai oer, dat in swiete smaek het, werût men wite ken dat er sûkerhaftige dielen in **benne**. [T.G. v.d. Meulen, *Fr. Hsfrj.* 152 (1862)]
- e. Mei de earste ûnbidige hap efter it wang groude er: 'Dit is ommers gjin iten, mins', der **is** gjin sâlt yn.' [U. v. Houten, *rook* 97 (1994)]

De posysje fan jild yn pongen, sekken ensfh. kin allyksa mei *wêze* beskreaun wurde:

- (18) a. Hier ha 'k in pong, dêr **benne** honderd sieuske ríkdaelders in. [*Fr. Hsfrj.* 104 (1860)]
- b. En dy reissek der **wier** in: acht hûnderd gûne, krekt op 'e kop. [W. Dykstra, *ald* 28 (1871)]
- c. Do er it laedsje, dêr de aep in **wier**, - der út loek, blonk it him sa moai in de eagen, dat er bigoun to tellen en 't ein dêr fen wier, dat er twa tûsen, trye honderd en niuggen en tachtich gounen in dat laedsje **wier**. [J.S., *Fr. Hsfrj.* 112 (1864)]

Wat minder faak komt *wêze* sa't it liket foar, at it giet om telbere dingen dy't earne yn opburgen of beskûle sitte:

- (19) a. Do krige er út in kaske wei / In houten doaske glêd en fyn / Dat jowch er hjarren oer en sei: / Dêr **is** in hillich bonkjen yn. [W. Dykstra, *Fr. Hsfrj.* 111 (1902)]
- b. In dêr yn dy kiste **wier** eak ien ald boekje. [W. Dykstra, *Fr. Hsfrj.* 33 (1851)]

It gebrûk fan *wêze* yn gefallen fan FÊST BESLOT is nammers net beheind ta deade dingen en dea guod. Ferlykje de foarbylden yn (20):

- (20) a. Yn hokfor Koets zoe uis Læeve Prins nou **wæese** / mey uis Princesse? [1778B – *Mayke Jakkelis I*, 23]
- b. Mar it skip, dêr de friske heren in **wieren**, waerd forret fen 'e skipper Jacob Donker fen Harns. [C-A, *Id.* 157 (1866)]
- c. In dy kiste **wier** it lik fen Fokjen. [*Fr. Hsfrj.* 74 (1856)]
- d. Hja (ntl. jagers) wierne nu by in bosc dêr se yn op scoene, om to sjên oaf der eak lysters yn **wierne**. [H. Sytstra, *lottery* 55 (1843²)]
- e. Wy mêste in baerch, dy kin yn 't hok, dêr't no de hinnen yn **binne**. [A. Faber, *S. en R.* 302 (1903)]

US WURK LXVI (2017)

- f. Under oan dy ûnbidich greate ballon hong, as in drip wetter sa lyts, de stielen kûgel, dêr't de minsken yn **wierne** dy't dwaende wierne mei hjar ynstreminten. [H. Faber, *geheim* 45 (1937)]

Dêr is de Figure in minske of in dier en de Ground in ferfiermiddel of in ferbliuwplak.

Der kin noch op wiisd wurde dat it ferhâldingswurd yn 'e boppesteande foarbylden steefêst yn is, lykas yn 't ginneraal by gefallen fan BESLOT.

3.2. FUNKSJONELE BEFESTIGING (PART OF WHOLE)

Yn gefallen fan FUNKSJONELE BEFESTIGING is de Figure sa fêst mei de Ground ferbûn dat er dêr in funksjoneel part fan útmakket (blêd-oan-beam, ear-oan-kopke, tine-oan-foarke ensfh.). Der is mei oare wurden in partitive relaasje tusken Figure en Ground.¹⁷ Ferlykje:

- (21) a. En do scoed er efkes efteroer leune, hwent hy tocht er net om, dat er gjin bek-lening oan syn stoel **wier**. [W. Dykstra, *ûlespegel* 143 (1908⁴)]
b. Hjir sloapte Homme (sa hjitte de feint) de traljes foar wei, dy er yette oan **wierne**. [H. Sytstra, *lottery* 5 (1843²)]
c. It skûframt, dêr gjin pen op like to **wêsen**, woe ek omheech. [W. Dykstra, *Fr. Hfrj.* 239 (1858)]
d. Hja makken se mei in ûnrêst, dêr't boppe in dwersbalkje oan **wier**, mei oan elke ein in wichtsje, dat se hinne en wer strike koene, en dat tsjinne om de klok by de streek te hâlden. [T.G. van der Meulen, *âld* 424 (a. 1906)]
e. Hwa wol sa'n skoech ha, der oars hast neat oan **is** as de soale? [*Vr. Alm. Sur.* (Baes Piktried) (1860)]
f. China-Pier en Tong Fo namen in sit foar in tafel dêr't forskate hânsels op **wierne**, hast lykas yn in spoarwachtershúske, mar den folle lytser. [H. Faber, *geheim* 151 (1937)]

By ornamenten kin *wêze* ek brûkt wurde:

- (22) a. Er **wierne** wol toezen Lieugten oon (d.w.s. oan in earebôge) / en mey allerhande kleur. [1779A – *Mayke Jakkelis II*, 31]
b. Folle krollen **wierne** er net oon (d.w.s. oan 'e ferteltsjes), mar jâ taesten oppe lever. [*Fr. J.* 8-9 (1829)]

17. Der binne ek gefallen fan net-funksjonele befestiging, dêr't gjin partitive relaasje tusken Figure en Ground bestiet (postsegel-op-slûf, spiker-yn-muorre, tou-oan-beam ensfh.).

US WURK LXVI (2017)

Doarren en finsters yn muorren, doarren, lûken ensfh. foar romten, fredingen om stikken lân en stikken lân by huzen kinne allyksa ta de gefallen fan FUNKSJONELE BEFESTIGING rekkene wurde:

- (23) a. Der **is** mar ien finster yn en det yet sonder glêzen. [*S. en R.* 155 (1890)]
- b. En do se der kaamen wiert oos net as en oppronke miorre en der **wier** en door yn. [*S.S. Ypma, vriesk* 8 (1821)]
- c. Foar de hége, wide poarten **wieren** izeren traeljedoarren. [*W. Dykstra, Fr. Hsfrj.* 201 (1903)]
- d. De gloppe onder ‘t bêdsté, dêr’t alear mogelijk in doarke foar **wêst** hie, stie fol skurve potten en pannen en oare snaren. [*W. Dykstra, rinkelbel* 91 (1908⁴)]¹⁸
- e. Domenys tún dêr **wier** in hege ringmuorre omhinne. (...) Oan de side dêr’t it algemiene gongpaed lâns roan, **wier** yn dy ringmuorre sa’n âlde stiennene poarte, mei doarren der foar. [*W. Dykstra, Fr. Hsfrj.* 183 (1902)]
- f. Den **wier** der yet ek in lyts lapke tún by, det fen da dyk ôfscaet wier troch in stek. [*W. Dykstra, winterjounen* 37 (1851)]

Dat de gefallen yn (23) mei deselden yn (21-22) in natuerlike klasse foarmje, litte de saneamde genitivyske gearsettingen yn it Frysk sjen. By genitivyske gearsettingen (Hoekstra 2002), dy’t de klam op it twadde lid hawwe, bestiet tusken ‘e lidden fan ‘e gearsetting altiten in partitive relaasje, sa’t dúdlik te sjen is by *skeppiefiem* ‘fiem fan ‘e skeppe’, *taffelspoat* ‘poat fan ‘e tafel’ en *broeksbokse* ‘bokse fan ‘e broek’. Ta de genitivyske gearsettingen hearre lykwols ek sokken as *skudsdoar* ‘doar yn it skut’, *doarsrút* ‘rút yn ‘e doar’, *steechdoar* ‘doar foar de stege’, *tsjerkhôfshage* ‘hage om it tsjerkhôf’ en *slotstún* ‘tún by it slot’, dêr’t de relaasje tusken twadde en earste lid te ferlykjen is mei dy tusken ‘e Figure en de Ground yn (23).

3.3. NEGATIVE ROMTE (NEGATIVE SPACE)

In spesjale relaasje tusken Figure en Ground is der by NEGATIVE ROMTE, dêr’t de Figure ‘skea’ oan ‘e Ground is yn ‘e foarm fan gatten, skuorren, skreven ensfh. Yn it gefal fan NEGATIVE ROMTE oppenearret him yn âlder Frysk ek withoefaak *wêze* dêr’t hjoeddedei *sitte* brûkt wurde soe:

18. Mei omkearing fan Figure en Ground:

- (i) Op ‘e eftergroun in doar, hwer in fêste kast efter **wier**. [*W. Vrijburg, adam* 3 (1904)]

US WURK LXVI (2017)

- (24) a. Der **is** in gat yn ‘e mûrre en der mist moai hwet jild. [W. Dykstra, *Bijk.* 33 (1895)]
- b. Yn it tek (**wieren**) hjir en dêr hiele gatten. [J. v.d. Tol, *S. en R.* 1 (1905)]
- c. Den kamen se yn de policieseal, dêr ien pypgatke yn ien fen de muwrren **wie**, in dêr loerde er throch. [J.H. Halb., *flotgærzen* 240 (1854)].
- d. It gers (...) woechs ek ta de wide skoerren út, dy’t yn ‘e mûrren **wieren**. [W. Dykstra, *Fr. Hsfrj.* 200 (1901)]
- e. Der **wier** in screef yn ‘e doar, der ik fix troch sjen koe. [*Fr. Hsfrj.* 118 (1851)]
- f. Der **binne** schirden yn dij seine. [E. Halb., *aant.* (a. 1858)]
- g. Dêr **is** nin gaeltje yn it hout. [Halb., *A* 195 (a. 1869)].
- h. Der **binne** greate skrassen yn ‘t iis. [*Fr. W.* (1911), s.v. *skras*]

De topologyske status fan ‘gatten’ is wat riedselich. Lemmens (2002, 110) beskôget NEGATIVE ROMTE sa’t it liket as in gefal fan ‘containment’. Dêrfoaroer fetsje Van Staden, Bowerman en Verhelst (2006, 497) it as “a special case of part-whole relation” op en Kutscher & Schultze-Berndt (2007, 1023) prate ek fan “negative part of Ground”. Men soe yndie úthâlde kinne dat bygelyks in gat yn in tek in yntegraal part fan it tek is dat der net mear is.¹⁹ It gat kin net los fan it tek bestean; it tek definearret it gat.²⁰

Nei besibbe oan ‘gatten’ binne ‘plakken’ (fetplak-op-broek, kliemen-op-rút, waar-yn-spegel). Lykas gatten ha plakken gjin status los fan ‘e Ground (in fetplak wurdt earst in plak, at it fet op ‘e broek komt). Beide binne ûnderbrekkingen yn ‘e ‘wenstige’ Ground: wylst gatten neat binne, dêr’t eat wêze moatte soe, binne plakken eat, dêr’t neat wêze moatte soe. De grins tusken beide romtlike konsepten is diznich. In *gaal* kin in gat wêze (in groef yn hout lykas yn (24g)), in plak (in ljochte streek yn hier) of wat tuskenbeidens (losweefd of fersliten plak yn weefsel, ljedder yn hoas). In *bûde* kin in gat (in ‘dûk’) of in plak (in ‘bult’) wêze, beide ôfwikingen fan ‘e ‘sljuchte’ Ground.

De grins tusken plakken en ‘ûngerjuchtichheden’ dy’t suver allinnich yn symbioaze mei in Ground foarkomme kinne of alteast sa waarnommen

19. At in gat gjin ‘skea’ is, mar in funksjoneel part fan in konstruksje, kin it as twadde lid fan genitivyske gearsettingen foarkomme: *doarsgat*, *trepsgat*, *keldersgat*.

20. Yn it Frysk kin men, at der in soad gatten yn in tek sitte, mei in foech geklike omkearing fan Figure en Ground sizze dat it tek ‘by de gatten om ticht’ is.

US WURK LXVI (2017)

wurde (bgl. stof, skimmel, rust, liming), kin somtiden ek weiwurde. Ferlykje it neikommende foarbyld:

- (25) Sneins as er yn ‘e stisel wie dan wie er jimmer dwaende om fan syn klean de plúskes to slaen dy’t der net op **wierne**. [W. Dykstra, *bern* 6 (1896)]

By plúskes giet it om dingen dy’t yn prinsipe los fan ‘e klean foarkomme kinne en dy’t har dêroan ‘heftsje’. Sadwaande soe men, ek yn âlder Frysk, feitliks *sitte* ferwachtsje (sj. par. 4). Yn (25) wurde de plúskes lykwols as ‘plakken’ op ‘e klean opfette en dêneffens mei it tiidwurd *wêze* kombinearre.

Oerdrachtlik kin men omisjes en flaters (lekker en brekker) yn teksten en oare minsklike produkten ek as ‘gatten’ en ‘plakken’ beskôgje.²¹

- (26) a. Folle fouten **wierne** ijn ‘t oôr boette mijn schuld; doz wit ik wol dat tro mijn sleæuwigheit in dommens er folle in **wierne**. [1777M - E. Meinerts, *It libben fen AAGTJE YSBRANTS of de frieske boerinne*, 3]
b. Fierder forsikje ik de lêser, om de fouten hwet oer de hôle te sjen, hwent ik twîfelje net, ef dear scille mear in **wêse** as my ljeaf is. [J. Schoelier, *boffert* (4) (1896)]
c. Mar men wys mij ris in minske-wurk oon, wer ‘t nin lekken in brekker yn **binne**. [R. Posthumus, *jiemme* vii (1842)]

Hoewol’t NEGATIVE ROMTE gauris as wat negatyfs foarsteld wurdt, d.w.s. as ‘skea’ oan ‘e Ground, hoecht it dat net perfoarst te wêzen; de gatten yn in gatsjepanne of in gatsjesleef binne in funksjoneel part fan dy stikken kokenrêding. Allyksa binne ‘plakken’ net altiten ‘ûngerjuchlichheid’ yn of op ‘e Ground; it patroan op kleanstoffen (streken, ruten, blommen) is dêr mei sin om dekorative reden op oanbrocht.

4. Wêze yn kombinaasje mei oare predikaten

Wêze koe yn âlder Frysk net allinnich mei plakoantsjuttende ferhâldings-wurdkloften brûkt wurde, mar ek mei oare predikaten (eigenskipswurden, bywurden, ôfslutende mulwurden) dy’t FÊST KONTAKT oantsjutte. Sokke predikaten wurde yn dizze paragraaf koart besprutsen. Yn ‘e oanbelangjende gefallen is *wêze* yn it nijere Frysk ek wer meastentiids út it stee wrotten troch *sitte*.

21. Itselde jildt moolk foar sykten yn gewaaks:

(i) Do ‘t quea yet net yn da ier’appels **wier**, hie er jierliks in plakje ier’appelslôn fen da boer om part. [W. Dykstra, *blommekranske* 26 (1851)]

US WURK LXVI (2017)

4.1. FOL

In omkearing fan Figure en Ground fynt men yn ‘e konstruksje mei it eigenskipswurd *fol* (ferl. Lemmens 2002, 123, Kutscher & Schultze-Berndt 2007, 990-991). Yn âlder Frysk oppenearret *wêze* him yn dy ferbining by FÊST BESLOT (ferl. (27)) en NEGATIVE ROMTE (ferl. (28)).²²

- (27) a. De oare neimiddeis waerd ik yn ien sierlike tuwn brocht, dêr de keizer mei al syn moaye frouwljouwe siet to thêdrinken, by ien greaten fiwer, dy fol goudfischen **wier**. [E. Halb., *treemter* 43 (1836)]
b. Doaitske krige de trekpot, dy’t fol kâld wetter **wier**. [*Fr. Hsfrj.* 6 (1901)]
c. De wein **wier** sahwet heal fol koalrapen. [W. Dykstra, *Forhaeltsjes, Rîmlery en Sangkjes* (s.a.)]
d. En greate ... panne ... dy ful mei goud- end silverjild **wier**. [G. Colmjon, *Sw.* 54 (1871)].
- (28) a. Stiif fol scoerren **wier** it baentsje / Det ik langs mâst. [*Fr.V.Alm.* 140 (1850)]
b. Tagelijk oentdiek er dat it fet fol gatten **wier** en it wetter er oan alle kanten ta uet roen. [H. Sytstra, *Fr.Alm.Sur.* (1860)]
c. En it iis dat **wier** fol wjekken / En de winter moalke sa. [E. Halb., *twîgen* 15 (1840)]
d. Janke earizer **is** fol dûken en bûden. [*Fr. W.* (1900), s.v. *bûde*]

It iis wie fol wekken is min ofte mear ekwifalint mei *Der wiene (in soad) wekken yn it iis*, mar yn ‘e konstruksje mei *fol* is de Ground (*it iis*) ta subjekt promovearre en de Figure (*wekken*) ta it komplemint fan *fol* demovearre. De Ground is boppedat ‘affected’; yn it gefal fan *It iis wie fol wekken* binne der net hjir en dêr *wekken yn it iis*, mar rûnom (ferl. WFT 6, s.v. *fol*, 4: ‘over de gehele oppervlakte bedekt met’). Yn it nijere Frysk ferskynt ynstee fan *wêze* aloan mear *sitte* (WFT 19, s.v. *sitte*, 17).²³

22. Ik ha oant no ta (tafallich?) gjin foarbylden fûn fan *fol wêze* by FUNKSJONELE BEFESTIGING. Hjir in (âlder) foarbyld mei *fol sitte*:

(i) Dizze beam wier alle maeytiden so wijt fen blommen az yen lecken, in **siet** ijnne neysimmer stijf fol parren. [*Fr.J.* 16 (1831)]

23. De oare tiidwurden fan lichemshâlding komme nammers ek yn ‘e konstruksje mei *fol* foar:

(i) a. It hok **stiet** fol fytsen.

US WURK LXVI (2017)

It eigenskipswurd *fol* drukt fan rjuchten BESLOT út. At in tsjettel fol wetter is/sit, kin men sizze: *De tsjettel is/sit fol*. Mar at it iis fol wekken is/sit, kin men net sizze: **It iis is/sit fol*. De konstruksje mei *fol* sil sadwaande wol sekondêr nei NEGATIVE ROMTE útwreide wêze.

In ferlykbere konstruksje is *earne ûnder sitte* ‘hielendal bedutsen wêze mei’ (WFT 19, s.v. *sitte*, 18; 24, s.v. *ûnder*, 6). Dy kin him yn ‘e 19de iuw ek mei *wêze* oppenearje kin:

- (29) Scoenen jimme jimm’ aek net schamje, as wij bij jimme yn ‘e hoes koamen, in jimm’ gedyntjes wiernen den sa giel, as it spinraeg waeyde oer ‘e keamer in foar ‘e glaezen, as it fyne tégoed in de moaye scilderyckes **wiernen** onder ‘t stof? [*Fr.V.Alm.* 107 (1852)]

Yn (29) fynt men ek in omkearing fan Figure en Ground (*it stof wie/siet op ‘e skilderijkes > de skilderijkes wiene/sieten ûnder it stof*).

4.2. BESIDE

At eat fêst besletten is yn wat oars, dan kin it deryn beskûle wêze. Guon bywurden dy’t dat ‘skûljen’ eksplisyt útdrukke, lykas *beside* en *beskûl*, koene ek mei *wêze* kombinearre wurde.²⁴ Ferlykje:

- (30) De blaue moerre, ... dy **wier** nou bside efter sierlik bihang. [*W.Dykstra, tekeningen* 27 (1854)]

Yn it hjoeddeiske Frysk soe men dêr earder *sitte* brûke.

4.3. FÊST

Men fynt *wêze* ynpleats fan hjoeddeisk *sitte* ek gauris yn ‘e ferbining *fêst wêze oan*, sawol yn ‘e letterlike betsjutting as yn oerdrachtlik gebrûk (WFT 5, s.v. *fêst* 11). Ferlykje:

- (31) a. Ien lijts rijmke op it boask fin Govirt in Hiltje ... Wer ijn kreftig bijschrieon in toa læzzin stiet, hoa folle bruijin in wurk dat ir oon fest **is** om dij fammin toa it boâskjin toa bijpraatin. [1766C, E. Wassenbergh]

b. De flier **leit** fol boartersguod.

24. It tiidwurd *skûlje* kin ek marzinaal as posysjoneel tiidwurd yn ‘e sin fan ‘sitte’ brûkt wurde. Ferlykje *Dêr skûlet/stiket/sit gjin kwea yn* en *Dêr skûlet/sit wat* (dêr is in lytsen-ien op kommende weis).

US WURK LXVI (2017)

- b. Nu lesten triewdense him ien stick Pik in ‘t Bird/ en do hy yne nagt op stæn soe/ (...)/ do **wiert** Bird oon mijn Himd fest. [1712I, *Waatzje Gribberts bruyloft*, 44]
- c. Sîn bitsje genierkery jowch him altiid lang gjin oanslach; hwent it wirk dat der oan fêst **wier**, der hie er arbeiders ta. [*Bijek*. 26 (1857)]
- d. Tink ris ta, hwet scîl ‘t him spîte! / Mar hy **is** der nou oan fêst, / En hy ken it nîmmen wite / Hied er mar sa blîn net wêst! [W. Dykstra, *mink* 26 (1860)]
- e. Dy fiouer mannen, sonder yet to witten, wêr de ein fêst **wier**, lieten hiar dêr ta brûke. [W. Dykstra, *rinkelbel* 114 (1866²)]

It eigenskipswurd *fêst* drukt dêr eksplisyt befestiging út. Dat hoecht net perfoarst FUNKSJONELE BEFESTIGING te wêzen. Yn (31b) hat men bygelyks in gefal fan KLIBJEN.²⁵

4.4. TICHT

Befestiging wurdt ek útdrukt yn ‘e fêste ferbining:

(32) De doar is op ‘t slot / op ‘e skoattel.

De krekte topologyske relaasje tusken doar en slot/skoattel is dêr net sa dúdlik; moolk hat der in omkearing fan Figure en Ground west (*It slot is op ‘e doar* > *De doar is op ‘t slot*). Yn it hjoeddeiske Frysk is der yn dy gefal- len in oanstriid om *sitte* te brûken (*De doar sit op ‘t slot/op ‘e skoattel*), dy’t dan ek wreidet nei gefallen lykas *De doar is/sit ticht/ta*.²⁶

4.5. Ôfslutende mulwurden

Net allinnich by eigenskipswurden lykas *fol* of *fêst*, mar ek by ôfslutende mulwurden dy’t FÊST KONTAKT útdrukke yn statyske resultative konstruk-

25. *Los*, it antonym fan *fêst*, koe yn âlder Frysk ek mei *wêze* foarkomme (en oppenearret him yn it hjoeddeiske Frysk mei *sitte*):

(i) Nou spriken se wjirheit, in as er mar ien lyts naetje los **wier** oan ien forhael, den brimde Greult-boer mar ienris ewentjes, in oer wier it mei de ljeagens.
[E. Halb., *treemter* 59 (1836)]

26. Yn ‘e selde betsjutting (‘ticht’) komt ek foar *De doar is fêst* (ek *De doar is los*). Dêr wurdt *wêze* lykwols net fan *sitte* ferkrongen. *De doar sit fêst* hat inkeld de letterlike betsjutting ‘De doar hâldt’ (en *De doar sit los* kin inkeld betsjutte dat er los yn ‘e knieren hinget).

US WURK LXVI (2017)

sjes obstrewearret men yn it nijere Frysk in oanstriid om *wêze* troch *sitte* te ferfangen. Ferlykje:²⁷

- (33) De kamera **is/sit** yn ‘e tas opburgen.
It skilderij **is/sit** yn ‘e tekken bewuolle.
De klean **binne/sitte** yn ‘e koffer troppe.
De knoop **is/sit** oan ‘e jas naaid.
De spiker **is/sit** yn ‘e muorre slein.
De postegel **is/sit** op ‘e slúf plakt.
De skroef **is/sit** troch de planke boarre.

De oergong is dêr lykwols histoarysk minder goed te trasearjen, om’t yn dynamyske resultative konstruksjes altyd *wêze* brûkt wurdt.

5. Fêste ferbiningen

Wêze koe, sa’t wy hjirboppe al obstrewearre ha, ek foarkomme yn idiomatyske útdrukkingen. Ferlykje de neikommende foarbylden fan FÊST BESLOT (ferl. (34)) en oare gefallen fan FÊST KONTAKT (ferl. (35)):

- (34) a. Dêr **is** hwet yn, dat de kat net mei, ‘de spijs is heet’. [Halb., *Lex.* 41 (a. 1869)]
b. Hwet yn ‘t fet **is** bidjert net, ‘wat in het vat zit bederft (verzuurt) niet’. [W. Dykstra, *V.Fr.* 251 (1911)]
- (35) a. It (wier) ien man, dêr nin spyn oan **wier**. [E. Halb, *twîgen* 55 (1840)]
b. Arbeidsjen dêr **is** rook noch smaek oan. [W. Dykstra, *volksl. II* 284 (1896)]
c. Mar dat der oan dizze idealen wol ris hwet hapere, dat der sims in nuver rookje oan **wier** ... soks is ek wol eltsenien dúdlik. D. Kalma, *fryslân* 5 (1916)].
d. Dy alderkostlikste bistkes, (...) der **wie** nou suver wryt noch slyt oan! [S. Kloosterman, *jubeljier* 265 (1927)]

27. De eigenskipswurden *fol*, *beside*, *fêst* en *ticht* kinne ek mei in ôfslutend mulwurd kombinearre *wêze*:

- (i) De planke **is/sit** fol gatten boarre.
It kaugom **is/sit** oan it boerd fêstklippe.
It goud **is/sit** yn in kiste besidestoppe.
De doar **is/sit** tichtspikere.

US WURK LXVI (2017)

- e. Kom oan! as-thou uws âlde ruen forkeapje scoeste, ien beest dêr net folle flæsk oan **is** (...), ho scoeste dat oanlizze? [E. Halb. *sceerwinkel* 35 (1835)]
- f. Se (wierne) yn ‘e forbylding, dat er wol modder oan ‘e kloet **wier**. [S.K. Feitsma, *F.m.n.* 27 (1892)]
- g. Hy **is** dêr mei tangele, ‘hy is daar mede opgescheept, in ‘t naauw (eigenlijk verstrikt)’ [Halb., A 710 (a. 1969)]
- h. Di kat is ta it spek **wæst**. [Halb, A 517 (a. 1869)]

Yn sokke útdrukkingen koe *wêze* yn it nijere Frysk ek sa njonkelytsen troch *sitte* ferfongen wurde, mar it liket der yn it earste oankommen op dat *wêze* him yn fêste ferbiningen wol gauris langer hanthavenje koe as dêrbûten. Boppedat fynt men *wêze* yn fêste ferbiningen bytiden ek yn oare gefallen fan FÊST KONTAKT as FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE, bygelyks by KLIBJEN (35f) en by LIBBENE GROUND (35a,d,e). Hat in oarspronklik algemiener gebrûk fan *wêze* dêr yn bestjurre foarm oerlibbe? It brûken fan *wêze* en *sitte* en de mooglike taaiichheid fan *wêze* yn fêste ferbiningen soe foar elke idiomatyske útdrukking apart ûndersocht wurde moatte. Dat falt lykwols bûten it bestek fan dit artikel.

6. De ferkringing fan *wêze* troch *sitte*

Sa’t wy yn ‘e foarbylden hjirboppe sjoen hawwe, kaam *wêze* as posysjoneel tiidwurd yn ‘e funksje fan hjoeddeisk *sitte* al yn it Midfrysk of Ier Nijfrysk foar (ferl. (16), (17a) (20a), (22a) en (31a,b)). Yn it Midfrysk fynt men lykwols ek al fynplakken fan *sitte* as posysjoneel tiidwurd yn gefallen fan FÊST BESLOT (ferl. (36)) en FUNKSJONELE BEFESTIGING (ferl. (37)).²⁸

- (36) a. ‘t Iz kunst fen en tichte pasteij to zizzen hett’ er yn **zit**. [1675B, *Fryske Bywirden*]
b. Moon Heit/ der is ien Brief/ oon ‘t schruft en de hân ta sjen/ is ‘t fin Japik/ der **zit** Jield yn. [1778O, *De tankbre boere zoon*]
- (37) a. Sjug/ het haf ik Schuntjes oon! Sjug/ het **zitter** Gaspen op! [1779C, *Het jonge lieuws boosk*]
b. Myn Kop **zit** nog te dievels fest oon myn hals/ om him trog de Glottyne te verliezen. [1996N, *Oon de Kerier-man te Grins*]²⁹

28. Foarbylden fan *sitte* yn it gefal fan NEGATIVE ROMTE misse der yn it Midfryske korpus, mar dat kin skoan tafallich *wêze*.

29. By dit foarbyld spilet lykwols ek mei dat Figure en Ground libben binne.

US WURK LXVI (2017)

It njonkeninoar foarkommen fan *wêze* en *sitte* set him yn 'e 19de iuw fuort. Beide tiidwurden kinne har yn ien en deselde sin oppenearje:

- (38) a. Men nû skeat my yn 't sin, det ynna bôsem fon da keamerkescoarstien én gat **wier**, der mar én licht houten boerd foar **siet**. [*Id.* 115 (1845)]
b. Dêr **wier** yn dy twiskenmûrre in doar, dy't lykwols noait op kaem, om't hy wier ticht spikere en 't izerwirk dat er oan **siet** wier tsjûk birustge. [W. Dykstra, *ûlespegel* 176 (1908⁴)]

It liket derop dat *wêze* en *sitte* frij njonkeninoar brûkt wurde koene yn gefallen fan FÊST BESLOT en FUNKSJONELE BEFESTIGING: It gebrûk fan *sitte* yn (38a) is ferlykber mei dat fan *wêze* yn (23c,d), dat fan *sitte* yn (38b) mei dat fan *wêze* yn (21). Moolk is de fariaasje yn (38) dêrom rein stilistysk, in middel om twa kear *wêze* te mijen.

Besjuch no lykwols de foarbylden yn (39):

- (39) a. Der **wier** yn 'e mûrre fen 't bêdsteed in gat, / Dêr **siet** oars in stoppe yn, mar dy wier der wei. [W. Dykstra, *Fr. Hsfrj.* 166-167 (1903)]
b. Der **wier** gjin slot op, mar der **siet** in kram yn dy kiste en sa'n izer oan 't lid, dat om dy kram paste. [W. Dykstra, *ûlespegel* 74 (1908⁴)]

In gat yn 'e muorre is in gefal fan NEGATIVE ROMTE, mar in stoppe yn in gat is in gefal fan STYKJEN. Wylst in slot as in yntegraal part fan in kiste beskôge wurde kin, is in kram dat net; in kram yn in kiste is earder in gefal fan STYKJEN. Ik haw yn âlder Frysk (19de iuw en earder) gjin foarbylden fan *wêze* yn gefallen fan STYKJEN fine kinnen, dat it soe skoan *wêze* kinne, dat *sitte* yn (39) net mei *wêze* fariearje koe. Itselde jildt faaks foar de neikommende fynplakken fan *sitte*:

- (40) a. De feint loek oen ien eerden knop, dy neast de dóar yn 'e moerre **siet**, in doe waerd er scille. [J.H. Halb., *lapekoer III* 50 (1834)]
b. In bear, dy 't mei in goed ein tou / **sit** oan in peal bihoarlik grou. [W. Dykstra, *Fr. Hsfrj.* 46 (1901)]
c. Mar nou ken 'k dalik bigripe ho 't kaem, dat LIKE jister neimiddei bûter oan de jaksmoue **sitten** hie. [W. Dykstra, *teikeningen* 40 (1854)]

Yn (40a) ha wy jitris in gefal fan STYKJEN, yn (40b) in gefal fan BINEN, en yn (40c) in gefal fan KLIBJEN. Yn gefallen fan net-funksjonele befestiging,

US WURK LXVI (2017)

lykas STYKJEN, KLIBJEN, KLAMJEN, HEFTSJEN, TROCHBOARJEN, BINEN, WUOLJEN of LIBBENE GROUND haw ik yn âlder Frysk gjin *wêze* fine kinnen, dat de neikommende foarbylden kamen moolk systematysk net foar:³⁰

- | | | |
|------|----------------------------------|------------------|
| (41) | *De spiker is yn ‘e muorre. | (STYKJEN) |
| | *De postsegel is op ‘e slúf. | (KLIBJEN) |
| | *De kniper is oan it ruft | (KLAMJEN) |
| | *De magneet is oan ‘e doar | (HEFTSJEN) |
| | *De pylk is troch de apel hinne. | (TROCHBOARJEN) |
| | *It tou is oan ‘e tûke. | (BINEN) |
| | *It papier is om it presintsje. | (WUOLJEN) |
| | *De ring is oan ‘e finger. | (LIBBENE GROUND) |

Men soe foar it âldere Frysk (oant de 20ste iuw) de neikommende trije-dieling oannime kinne: Yn gefallen fan los of gjin kontakt wurde *stean* en *lizze* brûkt, by FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE wurdt *wêze* (en aloan mear *sitte*) ympelearre, yn oare gefallen fan FÊST KONTAKT *sitte* (mar moolk ek oare tiidwurden en konstruksjes).³¹

It âldere Frysk soe dan in einhinne te ferlykjen *wêze* mei it Dútsk, dat foar FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE ornaris ek *sein* brûkt en foar alle oare typen fan FÊST KONTAKT spesjale tiidwurden lykas *stecken*, *kleben*, *klemmen* en *haften* (sjuch de foarbylden yn (13)).³²

30. By guon spesifike gefallen fan FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE kin *sitte* yn âlder Frysk it ryk ek al allinnich hân hawwe. At it bygelyks yn it gefal fan FÊST BESLOT om abstrakte eigenskippen te rêden is dy’t yn eat stykje, wurdt sa’t it liket *sitte* brûkt:

(i) Min wit / Net heal hwet kreft yn koper **sit**. [W. Dykstra, *bern* 72 (1896)]

En at it by FUNKSJONELE BEFESTIGING giet om de posysje fan lichemsdielen of ûnderdielen fan in apparaten of by NEGATIVE ROMTE om in part fan in konstruksje, wurdt yn âlder Frysk ek *sitte* brûkt (lykas yn it Dútsk, ferl. noat 14):

(ii) It hert **sit** jou eak sa heeg net, as dij grutsche knapen, dij, onder de steek, faek in holle sonder brein forbergje. [W. de Jong, *domenys* 8 (1840)]


31. Sa kin bygelyks yn gefallen fan STYKJEN ek *stykje* brûkt wurde:

(i) a. Ien minske ramt, de dead, ijn wans leeg eag ien schreawwn pompier **stijkket**? [R. Posthumus, *keapman* 44 (1829)]
b. In ûnbidich ein kaei **stike** yn it slot. [Y. Poortinga, *elbrich I* 16 (1949)]

32. Opfallend yn it âldere Frysk is dan ek *Hwer stikeste?* ‘waar zijt gij?’ en *Hwer heste yn al dy tiid stike?* ‘u opgehouden, eig. schuil gehouden?’ (Fr.W. 1911, s.v. *stykje*) njonken Dútsk *Wo steckst du?* (yn hjoeddeisk Frysk meast: *Wêr sitsto?*).

US WURK LXVI (2017)

De yndieling strykt min ofte mear mei de *Basic Locative Construction Hierarchy*: FUNKSJONELE BEFESTIGING (PART OF WHOLE) en NEGATIVE ROMTE (en FÊST BESLOT?) sitte leger yn 'e hierargy as KLIBJEN en TROCHBOARJEN (en LIBBENE GROUND?). Soks ropt fansels de fraach op hokker prinsipe oft der efter de twadieling by gefallen fan FÊST KONTAKT stykje kin. As in earste hypoteze soe men der faaks op wize kinne dat by FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE Figure en Ground mear yn-inoar yntegrearre binne as by de oare gefallen fan FÊST KONTAKT. Net allinnich by FUNKSJONELE BEFESTIGING, mar ek by FÊST BESLOT en NEGATIVE ROMTE is der in sterke funksjonele relaasje tusken Figure en Ground; Figure en Ground foarmje in foech ienheid; By NEGATIVE ROMTE bestiet de Figure der mar allinnich by de graasje fan 'e Ground. Gearfetsjend soe men it neikommende tentative skema opmeitsje kinne ([] stiet foar gjin skaaimerke):



It default posysjonele tiidwurd *wêze* koe dan faaks ynearsten brûkt wurde yn gefallen dêr't it kontakt troch de funksjonele ienheid fan Figure en Ground al yn 't foar beskaat wie en net neier spesifisearre wurde hoegde (d.w.s. by yntegratyf kontakt).³³ Fierders oppenearre *wêze* him ek yn gefallen dêr't it (al of net yntegrative) kontakt al troch in oar predikaat útdrukt waard (par. 4). Yn oare gefallen fan FÊST KONTAKT waarden spesifikere tiidwurden lyk as *sitte* brûkt, oant *sitte* him sa njonkenlytsen set as algemien tiidwurd fan

33. In ferlykber idee fynt men moolk by Bryant (2011, 204). At it giet om it brûken fan in spesifyk posysjoneel tiidwurd of in keppeltiidwurd is der neffens har yn it Dútsk in oanstriid om it lêste foar kar te nimmen by Figures dy't 'unbeweglich' of "von Behältnis umschlossen" binne. Hja ornearret: "Das Nicht-Vorhandensein eines Alternativen-sets bei unbeweglichen Objekten [dus bygelyks yn it gefal fan FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE, JH] erklärt vermutlich ..., warum hier häufig auf das Modusprädikat [in tiidwurd dat de posysje neier spesifisearret, JH] verzichtet wird". By gefallen fan (FÊST) BESLOT is de posysje neffens har meast yrrillevan: "Wird eine Behältnisrelation beschrieben, liegt der Fokus in der Äußerungssituation meist auf anderen funktionalen Aspekten wie etwa dem Schutz oder dem Transport des Objekts."

US WURK LXVI (2017)

FÊST KONTAKT. Dy ûntjouwing is oan it begjin fan ‘e 20ste ieu sa nei fol-tôge. *Wêze* skynt frijwat ûngemurken – sûnder mis ûnder ‘e oanwinnende ynfloed fan it Hollânsk – troch *sitte* ferfongen te wêzen.

7. Einbeslút

It tiidwurd fan lichemshâlding ‘sitte’ wurdt yn it Frysk hjoeddedei lykas yn it Hollânsk brûkt yn gefallen fan FÊST KONTAKT tusken Figure en Ground. Yn dit artikel haw ik sjen litten dat dat net altyd sa wie. Yn âlder Frysk (oant de 20ste iuw) fynt men yn guon konteksten noch it algemiene keppeltiidwurd *wêze* op plakken dêr’t hjoeddedei allinne mar mear *sitte* brûkt wurdt. Mear konkreet oppenearret *wêze* him yn gefallen fan FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE. Der manifestearret him sa in foech trijedieling yn ‘e *Basic Locative Construction* yn it âldere Frysk: (i) yn gefallen fan los of gjin kontakt waard *stean* of *lizze* brûkt (al effens de astjuchting fan ‘e Figure), (ii) by FÊST KONTAKT tusken Figure en Ground waard *wêze* (en aloan mear *sitte*) foar kar nommen yn gefallen fan FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE, (iii) yn alle oare gefallen fan FÊST KONTAKT oppenearre him *sitte* (en moolk in pear oare tiidwurden en konstruksjes). Dy yndieling bringt jin net allinnich de situaasje yn ‘e Dútske *Basic Locative Construction* yn ‘t sin (*stehen/liegen* by los of gjin kontakt, *sein* by FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE, in stikmannich oare tiidwurden en konstruksjes yn alle oare gefallen fan FÊST KONTAKT), hy korrelearret ek in einhinne mei de *Basic Locative Construction Hierarchy* fan Levinson & Wilkins (2006). De fraach is dan wat de twadieling by gefallen fan FÊST KONTAKT bewurkmasteret. Ik haw útsteld dat der moolk in ferskil makke wurde moat tusken gefallen dêr’t it kontakt tusken Figure en Ground yntegratyf is (lykas by FÊST BESLOT, FUNKSJONELE BEFESTIGING en NEGATIVE ROMTE) en sokken dêr’t it net-yntegratyf is (de oare gefallen). Dat is lykwols nedich better ûndersocht.

Al sûnt de Midfryske tiid hat *wêze* konkurrinsje fan *sitte* en yn ‘e 20ste iuw set *sitte* alhiel troch (ôfsjoen fan in mannich reliktegefallen). Dat *sitte* it lang om let wûn hat, hinget sûnder mis gear mei it feit dat *zitten* yn it Hollânsk ek it algemiene tiidwurd is yn gefallen fan FÊST KONTAKT, mar der bliuwe in stikmannich fragen oer, benammen oangeande de histoaryske ûntjouwing fan it tiidwurd yn ‘e *Basic Locative Construction* yn it Frysk en it Hollânsk (en ek yn ‘e oare Westgermaanske talen). Der is in soad ûndersyk dien nei de hjoeddeiske *Basic Locative Construction*, mar – dat ik wit – net nei de *Basic Locative Constuction* yn âldere taalfazen. Hoe wie by de

US WURK LXVI (2017)

tiid lâns de krechte ferhâlding tusken it brûken fan *wêze* en *sitte* yn it Frysk? Is de ûntjouwing fan *sitte* ta in posysjoneel tiidwurd fan FÊST KONTAKT yn it Frysk en Hollânsk lykop gien? Is yn it Frysk en it Hollânsk in algemien *wêze* troch tiidwurden fan lichemshâlding ferkrongen en hoe is dat yn ‘e beide talen krekt yn syn wurken gien? Wêrom hâldt it Frysk oant de 20ste iuw ta in hichte fêst oan *wêze* en wurdt it yn ‘e 20ste iuw sa hommels wei? Sokke fragen moat ik hjir ynearsten lizze litte foar takomstich ûndersyk.

*Institut für Skandinavistik, Frisistik
und allgemeine Sprachwissenschaft
Abteilung für Frisistik
Christian-Albrechts-Universität Kiel*

LITERATUER

- Ameka, Felix K. & Stephen C. Levinson (2007), ‘The typology and semantics of locative predicates: posturals, positionals, and other beasts’, *Linguistics* 45, 847–871.
- Berthele, Raphael, Matthew Whelpton, Åshild Næss, Pieter Duijff (2015), ‘Static spatial descriptions in five Germanic languages’, *Language Sciences* 49, 82-101.
- Bryant, Doreen (2011), ‘Der Erwerb von Positionsverben – Warum Kinder so an hängen hängen?’, *Linguistische Berichte*, Nû. 226, 199-242.
- Hansen, Erik (1974), ‘Stå, ligge, sidde’, *Mål og Mæle* 1, 26-32.
- Hoek, Theo van den (1971), ‘Leggen en zetten’, *Tabu* 1, 33-37.
- Hoekstra, Jarich (2002), ‘Genitive Compounds in Frisian as Lexical Phrases’, *Journal of Comparative Germanic Linguistics* 6, 227-259.
- Kutscher, Silvia & Eva Schultze-Berndt (2007), ‘Why a folder lies in the basket although it is not lying: the semantics and use of German positional verbs with inanimate Figures’, *Linguistics* 45, 983-1028.
- Lemmens, Maarten (2002), ‘The semantic network of Dutch posture verbs’, yn: John Newman (bes.), *The Linguistics of Sitting, Standing, and Lying*. Benjamins, Amsterdam / Philadelphia, 103-139.
- Levinson, Stephen C. & David P. Wilkins (2006), ‘Patterns in the data: Towards a semantic typology of spatial description’, yn: Stephen C. Levinson, & David P. Wilkins (bes.), *Grammars of space: Explorations in cognitive diversity*. Cambridge University Press, Cambridge, 512-552.

US WURK LXVI (2017)

- Newman, John (bes.) (2002), *The Linguistics of Sitting, Standing, and Lying*. Benjamins, Amsterdam/Philadelphia.
- Norbury, Heather M., Sandra R. Waxman & Hyun-Joo Song (2008), 'Tight and loose are not created equal: An asymmetry underlying the representation of fit in English- and Korean-speakers', *Cognition* 109, 316-325.
- Oosten, Jeanne van (1984), 'Sitting, Standing and Lying in Dutch: A Cognitive Approach to the Distribution of the Verbs *Zitten*, *Staan*, and *Liggen*', yn: Jeanne van Oosten & Johan Snapper (bes.), *Dutch linguistics at Berkely*. UCB, Berkely, 137-160.
- Oosting, Tabitha (2016), *Positionsverben. Der Unterschied zwischen der deutschen und niederländischen Sprache beim Gebrauch der Verben sitzen (zitten), liegen (liggen) und stehen (staan) bei Menschen, Tieren und Objekten*. BA-skripsje, Universiteit Utrecht.
- Serra Borneto, Carlo (1996), '*liegen* and *stehen* in German: A Study in horizontality and verticality', Eugene H. Casad (bes.), *Cognitive Linguistics in the Redwoods*. Mouton de Gruyter, Berlin, 458-505.
- Staden van, Miriam, Melissa Bowerman & Mariet Verhelst (2006), 'Some properties of spatial description in Dutch', yn: Stephen C. Levinson & David P. Wilkins (bes.), *Grammar of Space. Explorations in Cognitive Diversity*. Cambridge University Press, Cambridge.
- Toorn, Maarten C. van den (1972), 'Over de semantische kenmerken van *staan*, *liggen* en *zitten*', *De Nieuwe Taalgids* 6, 459-464.
- Viberg, Åke (2013), 'Posture Verbs. A Multilingual Contrastive Study', *Languages in Contrast* 13, 139-169.
- WFT = *Wurdboek fan de Fryske Taal / Woordenboek van de Friese Taal*. 1984-2012. Fryske Akademy, Ljouwert.